Van Oostrom probeert als een soort makelaar mensen te verleiden om naar het verleden te kijken. ‘Je moet niet afwachten dat iemand zich meldt. Het ‘heftige heden’, zo noem ik onze tijd, heeft zo’n enorme zuigkracht op jonge mensen. Waarom zouden ze naar geschiedenis kijken? Ze hebben het al zo druk, vinden ze zelf. Dan gaan ze nooit uit zichzelf naar het verleden kijken, laat staan het verre verleden. Dus moet je ze daarin meenemen. En de mogelijkheden van de moderne techniek zijn daarin een bondgenoot. Dat je de Richthofenkolleksje zo in detail online kunt laten zien, is toch geweldig!’

Verhalen

De brede aandacht voor cultuur ziet Van Oostrom terug in Tresoar. ‘Een instituut waarin taal, literatuur en geschiedenis bij elkaar komen, zie je nergens anders in Nederland. Tresoar heeft daardoor de belangrijke taak om ook als een ‘makelaar’ verhalen aan te bieden. Fryslân zit barstensvol met schitterende verhalen. Die moeten we blijven vertellen. Verhalen hebben de grootste kracht als ambassadeurs.’

> *Fryslân zit barstensvol met schitterende verhalen*

Pinksterdinsdag


Pinksterdinsdag wordt voor het tweede jaar op rij georganiseerd. De naam verwijst naar de jaarlijkse rechtsdag die de inwoners van het laatmiddeleeuwse Frisia - het woongebied van de middeleeuwse Friezen, tussen Vlie en Wezer - hielden op de dinsdag na Pinksteren bij de ‘Upstalsboom’ nabij Aurich, in het tegenwoordige Ostfriesland (D.)

Op 10 juni houdt Frits van Oostrom een avondvullende publiekslezing. Daarin gaat hij niet alleen in op het Oudfries, maar ook op de traditionele vete tussen Holland en Friesland en hij onderzoekt de speciale Friese belangstelling voor het middeleeuwse verhaal ‘Van den vos Reynaerde’.

Scan de QR-code voor meer informatie en aanmelden.

Sybren Sybesma

Trije tsjokke sluven



Fragmint út in brief fan Rintsje Piter Sybesma. (Partikuliere kolleksje)

Ut de famylje kamen doazen mei in ferskaat oan guod fan pakes, beppes, oerpakes en oerbeppes foar it ljocht. Der sieten boeken by, knipsels út kranten en tydskriften, âlde eigendomsaktes en foto's. En der wienen brieven by: trije tsjokke sluven mei 156 brieven fan Rintsje Piter Sybesma, dy't er nei de oarloch út it ynternearrings-kamp wei nei famylje stjoerde. Dizze Frysk nasjonalist, dichter en skriuwer wie myn oerpake. Foar myn masterskripsje ûndersocht ik it materiaal. Miskien soe ik him better kennen leare.

Meastentiids waarden de brieven it kamp yn- en útsmokkele

Rintsje Piter Sybesma (1894-1975) waard berne op in boerepleats yn Tsjerkgaast. Ta grut fertriet fan syn heit siet der lykwols gjin boer yn him en gie er nei Utert ta om foar bistedokter te learen. Foar't er yn 1919 oan syn stúdzje begûn, hie er al fan him hearre litten yn de Fryske literatuer. Hy debutearre yn jannewaris 1914 - foar syn tweintichste - mei in sonnet yn it tydskrift *Sljucht en Rjucht*. Meardere gedichten folgen en ek skreau er koarte ferhalen dy't yn kranten en tydskriften publisearre waarden. Yn 1915 rjochte er mei Douwe Kalma en Meint Hylkes Bottema de Jongfryske Mienskip op. Ynspirearre troch de Hollânske Tachtigers woenen se de Fryske literatuer fernije. Nei syn ôfstudearjen yn 1923 waard er feedokter yn Nijehaske en letter op It Hearrenfean. As skriuwer bleau er warber, mei ferhalen en gedichten. Yn 1926 begûn er mei Jacob Jansen, Oene Mulder en Jelle Brouwer it literêre tydskrift *De Holder*, dat oant 1929 ferskynde en benammen troch syn moaie foarmjouwing noch altyd neamd wurdt yn oersichten fan de Fryske literatuer. Yn 1927 kaam syn dichtbondel *Ta de moarn* út.

Dútsksinnigens

Yn de tritiger jierren - de krisisjierren - rekke Rintsje Piter Sybesma, lykas Douwe Hermans Kiestra, Jan Melles van der Goot en Sytse Jan van der Molen stadichwei yn 'e ban fan it opkommende faksisme yn Dútslân en Italië. Se hienen it idee dat benammen de lytse boeren yn Dútslân heger achte waarden as yn Fryslân. Se seagen de boer as it fûnemint fan de Fryske maatskippij en hopen dat it boerebedriuw mei help fan Dútslân wer ta bloei komme soe, wat fuortdaliks ek in nije bloeitiid foar Fryslân ynliede soe. Om Fryslân waarm te meitsjen foar it faksisme rjochte Sybesma mei Van der Goot en Johannes Jacobus van Weringh it Frysk Faksiste Front op. It hat koart bestien, mar út 'e stikken dy't Sybesma yn it partijblêd skreau, sprekt in grutte besieling. Deselde besieling is te sjen yn de dichtbondel *De swetten útlein*, dy't er nei de Dútske ynfal yn 1940 skreau, en dêr't er dy ynfal yn besjongt: no brekt in grutte takomst foar Fryslân oan.

Yn 'e oarlochsjierren kombinearre er syn wurk as feedokter mei aktiviteiten yn de polityk en de Fryske literatuer. Sa waard er lid fan it trijemanskip dat de Fryske Beweging yn dy jierren liede moast. Hy waard der lykwols nei koarte tiid útset om't de twa oare leden, Jacob Kalma en Eeltsje Boates Folkertsma, it polityk net mei him iens wienen. Fierder reizge er nei Dútslân ôf foar it saneamde 'Dichtertreffen' dat de nazi's organisearre hienen: yn Weimar kamen skriuwers út it 'nije Europa' byinoar, fan Flamingen oant Bulgaren. Dêrneist waard *De swetten útlein* yn it Dútsk oerset. Nei de oarloch waard Sybesma foar syn Dútsksinnigens feroardiele ta twa jier ynternearring en in boete fan 10.000 gûne. Ek waard er foar tsien jier út syn kiesrjocht set. Nei syn dea is in grut part fan syn argyf oerbrocht nei Tresoar. Mar dat wie blykber net alles, sa lit de fynst fan de brieven sjen.




Rintsje Piter Sybesma as jongfeint.

In unike kâns om myn oer-pake miskien wat neier te kommen

Brieven

Fuort nei de befrijing fan Fryslân yn april 1945 waard Sybesma oppakt en opsletten yn Crackstate op It Hearrenfean. Letter bedarre er yn it ynternearringskamp yn Wolvegea, dêr't er syn hiele fierdere ynternearringstiid sitte soe, op in koart skoft op It Amelân nei. Wylst er ynternearre wie, skreau er brieven nei hûs ta - yn de trije sluven sieten 156 brieven fan syn hân: oan syn frou, syn bern, syn suster en syn mem. De brieven werom fan syn frou binne ek bewarre. Meastentiids waarden de brieven it kamp yn- en útsmokkele; brieven dy't 'legaal' it kamp yn kamen waarden sensurearre. Om't de ynternearden klean en oar guod (lykas boeken) ûntfange en opstjoere koenen, die er syn briefkes bygelyks yn de punt fan in skoech en ferstoppe syn frou har antwurd tusken de wask.

Foar myn masteroplieding Redacteur/Editor oan de Universiteit van Amsterdam ha ik de korrespondinsje bestudearre. Net allinnich wie ik benijd nei de ynhâld, mar it wie ek in unike kâns om myn oerpake miskien wat neier te kommen. Hy skriuwt in protte oer syn advokaat (dy die te min fûn er), is fûl op 'e Fryske Beweging, makket him soargen oer de takomst fan 'e Fryske literatuer en besiket manieren te finen om earder nei hûs ta te kommen. De nijsgjirrichste brieven hat er yn novimber en desimber 1945 op It Amelân skreaun. Hy wie dêr as ynterim-feedokter oan it wurk set, nei't de eigentlike feedokter samar ûntslach nommen hie. Hoewol't er yn it ynternearringskamp op it eilân sliepte, hie er doe in soad frijheid. Op in âld fyts trape er fan boer nei boer. Bytiden wurdt er suver lyrysk as er beskriuwt wat er ûnderweis tsjinkomt: 'As men hjir is (…) hat men it gefoel by it oanbigjin fen de skepping to stean. (…) [I]k ha noch nea sokke archaeologyske minskekreaturen sjoen. Bern wierne der net, yn beide húshâldingen net en de trêdde húshâlding wier in widdou mei in âld soan, leau 'k. In libbensrhitmyk as fen in fortraegde gramafoanplaet, gjin melody dêryn to ûnderkennen.'



Rintsje Piter Sybesma. Portret tekene troch IJsbrandus van Popta yn 1946. (Partikuliere kolleksje)

Ballingskip

Hoewol't Sybesma in protte frijheid op It Amelân hie en fan alles belibbe, karakterisearret er syn ynternearring dêr as in ballingskip. Foar't er ôfreizget, neamt er it al it 'Sint-Helena aventûr' (in ferwizing nei it eilân dêr't Napoleon ferballe wie). Ienris op it eilân skriuwt er oan in freon: 'Men hat it goed tocht fen my - earme Fryske strider - in balling to meitsjen en ik tink oan it fers fen Piter Jelles det sa bigjint: 'Redbad út syn lân forballe stie oan 't noarderstrân allinne'.' Dat er it in ballingskip neamt, hat dermei te krijen dat er it gefoel hie dat er straft wie foar syn striid foar Fryslân, of better sein, syn striid foar it Fryske boerelân. Oan syn dochter skriuwt er: 'Dit is de libbensleare fen it lân, wol to forstean fen it frisse boerelân. Hâld dy yn eare! Hwent wy hawwe der in healjier for efter de trie sitten.' Yn dat sitaat sit ek in soarte fan opoffering. It is in tema dat troch de hiele korrespondinsje rint. Hy skilderet himsels en guon oare ynternearden ôf as de striders dy't it bêste mei Fryslân foar hienen, mar foar harren striid opsletten binne en dy straf duldsum ûndergean. Se lykje der sels in soarte fan gelok út te heljen: se lije foar harren lân. It is hast in dichterlik-romantysk ideaalbyld.

In oar tema yn de korrespondinsje is noed oer de húshâlding: syn frou en harren fiif bern (fjouwer jonges, ien famke). De kostwinner en de heit wie ynienen fuort, dus syn frou moast de opfieding no allinne en mei minder jild dwaan. Hy skriuwt har yn novimber 1945: 'Dou haste sa folle op dyn skouders, de bern en de kleinichheden fen alle dagen. Ik wol det ik der in part fen oernimme koe.' Hy keapet - miskien wol om wat soargen oer te nimmen - in stikmannich einen en stjoert se nei syn famylje ta. Se moasten mar ris goed ite, skriuwt er.

Dizze brieven oer en oan de húshâlding fyn ik de moaiste. As er bygelyks fertelt dat it 'tige tige gesellich' wie dat syn twadde soan (ús pake), de 'nommele jongkeardel', op it eilân lânskaam. Of as er yn 1946 syn dochter heiteadvys jout oer har eineksamen. Of as er oan syn soannen skriuwt dat se op 'de fuif' fan harren skoalle net te folle drinke moatte. Dan klinkt der in oar lûd troch, de minske en heit komt nei foaren. It spul mei bygelyks de Fryske Beweging en de advokaat is efkes nei de eftergrûn dreaun.

Nij ûndersyk

Nei in tal moannen yntinsyf mei de brieven dwaande west te hawwen, hie ik bytiden it gefoel dat ik ús oerpake in bytsje kennen leard ha. Syn kar foar de Dútsers kin ik lykwols noch altiten net neikomme. It foel my ôf dat er net ta selsrefleksje kaam. Hy frege him net ôf oft er it allegear wol goed dien hie, oft er wol altyd de goede kar makke hie.

It wie moai om sa mei ús famyljeskiednis dwaande te wêzen. Ik ha in soad oer it ferline - en myn eigen ferline - leard. En it is noch net dien: de antwurden fan syn frou en bern binne ûnderwerp fan in nij ûndersyk.

Herre de Vries

Een handvol groene weelde

Het zeventiende-eeuwse gebedenboekje dat de Vrienden en Tresoar onlangs kochten, is boekhistorisch gezien belangwekkend. Wat is er tot nu toe over bekend?

Het boekje van circa 10 bij 8 centimeter heeft als titel *Johan Havermans Christelijcke gebeden ende danck-seggingen*. Het werd in 1661 te Leeuwarden bij Lodewijk Cres gedrukt. Het boekblokje met vergulde bladranden is gevat in een groen, segrijnen (soort perkament) bandje met verguldwerk én zilveren beslag en sluitingen. Het was een zeer exclusief product, waarover verderop meer.

In de gezaghebbende Short Title Catalogue Netherlands (STCN) staan van Lodewijk Cres slechts vier titels. Deze catalogus vermeldt alle in Nederland gedrukte boeken vanaf het begin van de boekdrukkunst tot en met 1800, aangevuld met in het buitenland gedrukte boeken in de Nederlandse taal. Deze editie van *Johan Havermans Christelijcke gebeden* staat er nog niet in. Tresoar heeft hiermee het eerst bekende exemplaar van deze vijfde titel uit het uitgeversfonds van Cres verworven. En via Tresoar is het nu beschikbaar voor nader onderzoek en toevoeging aan de STCN. Wie was Lodewijk Cres?

Als we de vier al bekende titels uit zijn fonds onder de loep nemen, zien we dat twee door anderen voor Cres zijn gedrukt. De colofons achterin vermelden dat de ene in 1660 van de pers kwam bij de Harlinger drukker Hero Galama (stcn 054385865) en de andere in 1665 bij de Leeuwarder Schelte Jochems (stcn 056983549). Typografische vergelijking met de twee resterende titels, doet vermoeden dat ook die in opdracht van Cres bij beide drukkers van de pers kwamen in 1660 bij Galama (stcn 153666234) en in 1664 bij Jochems (stcn 832132837).



Het groen segrijnen bandje met zilveren beslag. (Foto Janna Kootstra)


JOHAN HAVERMANS
Chriſtelijcke
GEBEDEN
Ende
DANCK-SEGGINGEN,
Op 't Nieuw tegen 't Hoogh-duytſche
overſien/ ende ten dienſte der Gereformeerde
Kercke verbetert.
Door
HENRICK van DIEST,
Theol. Doctor ende Profeſſor tot Harderwijck.
Gedruckt tot Leeuwarden,
By Lodowijck Cres Boeckverkooper/ woonen-
de in 't Nauw/ 1661.

Titelblad met onderaan het drukkersmerk van Lodewijk Cres. (Foto Riemer Janssen)

Cres treedt met deze vier boeken dus op als uitgever en boekverkoper, niet als drukker. Op basis hiervan zou geconcludeerd kunnen worden dat Cres zelf geen drukpers had. Het titelblad van *Havermans gebeden* impliceert dat dit toch wel zo moet zijn geweest. Er staat immers 'gedrukt tot Leeuwarden, By Lodowijck Cres', maar wellicht claimde hij met dit drukkersmerk het werk van anderen. Tijd voor meer speurwerk.

Meesterboekbinder


Niet alleen in zijn drukwerk liet Cres zijn sporen na, we treffen hem ook in de archieven die bij Tresoar en het Historisch Centrum Leeuwarden berusten. Lodowijck Jurriens Cres wordt in 1655 ingeschreven in het burgerboek van Leeuwarden als meesterboekbinder. In datzelfde jaar wordt hij begunstigd als leverancier van papier, pennen en inkt voor het Leeuwarder raadhuis en in 1660 levert hij bijvoorbeeld boeken en papieren voor de Friese synode. Zoals meer (meester-) boekbinders combineerde Cres zijn vak dus met dat van boekverkoper én gaf hij die ook zelf uit. Zijn inschrijving als meesterboekbinder is toch wel opmerkelijk, omdat hij in de wetenschappelijke literatuur vooral opduikt als uitgever-drukker.

Op het zilveren beslag dat centraal op voor- en achterplat van het segrijnen bandje is gemonteerd, staan de wapens van de families Van Harinxma thoe Slooten en Burmania. De verkoper, Antiquariaat Forum, deed daarom al de suggestie dat het boek werd gebonden voor Pieter van Harinxma thoe Slooten (1610-1669), raadsheer bij het Hof van Friesland, en Susanna Idzertsdr. van Burmania (1629-1691) die in 1648 met elkaar waren getrouwd. In ieder geval mogen we aannemen dat dit exemplaar van Cres' uitgave werd gebonden voor vooraanstaande Friezen. Gezien Cres' inschrijving als meesterboekbinder wordt het een aantrekkelijke gedachte dat Lodewijk Cres zelf de binder was. Nader onderzoek kan hierover wellicht meer uitsluitsel geven.

Of het nu Cres was of toch een ander, de binder maakte wel een volstrekt uniek bandje. Dat een dergelijk klein religieus werkje in segrijn werd gebonden, is op zich gebruikelijk. Dit leer en, in dit geval, perkament werd op verschillende wijze van een korrelige oppervlaktestructuur voorzien en meestal geïmporteerd uit de regio rond de Kaspische Zee. Boekbanden werden echter nagenoeg zonder uitzondering in zwart segrijn gebonden. Mij is slechts één andere groen segrijnen band bekend, in de collectie van de Koninklijke Bibliotheek (onder nummer 1769 F 9).

Herre de Vries is boekrestaurator en lid van de boekhistorische onderzoeksgroep Pastei.


> *Het was een zeer exclusief product*


Lodowijck Jurriens Cres
is alsboen voor burger deser Stadt
aengenomen, heeft de gerechticheit met
Eed gedaen/ Actum dy 22 December 1655

De inschrijving van Lodewijk Cres in het burgerboek van Leeuwarden. (Historisch Centrum Leeuwarden)

Mark Bergsma

Surch - in skansearre doarp



Het schijnt er niet zo kwalijk wonen te zijn, als het wel lijkt

Surch om 1900 hinne. Links is de dyk nei it suvelfabryk. Yn de fierte binne de huzen oan de seedyk noch te sjen.



Foar de Ofslútdyk leit it pittoreske Surch, tusken de N31 en de seedyk. Oait wie de mienskip fan it no noch 150 ynwenners tellende doarp hecht, mei in sterk ferieningslibben en mei-inoar ferbûn troch de iuwenâlde mentaliteit fan 'de see jout, de see nimt'. Mar troch histoaryske ûntjouwingen transformearre Surch yn de ôfrûne iuw ta in skansearre forinzedoarp. Stichting Samen Zurich wol de skiednis fan it doarp bewarje en tagonklik meitsje foar ûndersyk troch it argyf ynkoarten oer te dragen oan Tresoar.

As histoarikus en eardere bewenner, no wenjend yn Amsterdam, mar noch altyd belutsen by it wol en wee fan it doarp, krige ik de opdracht fan Stichting Samen Zurich, opfolger fan Pleatslik Belang, om it beskieden, mar rike argyf fan Surch te oarderjen en te analysearjen.

Hjoed-de-dei is Surch troch syn strategyske lizzing tichtby de Ofslútdyk it ideale plak om te genietsjen fan it rêstige doarpslibben wylst de dynamyk fan de Rânestêd net fier fuort is. Minsken út alle hoeken fan it lân wenje der en simmerdeis komme in soad toeristen yn it doarp.

Oan de ein fan de njoggentjinde iuw wie de situaasje lykwols folslein oars. Foar syn reisferhalen troch Fryslân besocht de bekende Fryske sjoernalist Jacob Hepkema yn 1899 Surch. Hy wie net sa sjarmearre fan it doarp: 'Zurich is geen zoetendal, waarvan men zegt, die er is, die blijft er al.' In krekt boud suvelfabryk, in nije skoalle mei wenning en in net âlde tsjerke wienen neffens him de belangrykste gebouwen. Hepkema kaam yn petear mei de 80-jierrige pleatslike timmerman Zwaal, dy't him fertelde dat er der al jierren mei wille wenne en it him net foarstelle koe sûnder de see libje te moatten. Hepkema kaam op syn oardiel werom: 'Het schijnt er niet zo kwalijk wonen te zijn, als het wel lijkt.'

Isolearre doarpke

Yn 1899 wie Surch in isolearre doarpke oan de Sudersee, dêr't de bûtenwrâld amper binnenkaam en de ienfâld fan it bestean it ritme fan it libben bepaalde. It ynwennertal fan Surch skommele destiids om de 230 hinne, dêrfan wienen 80 skoalgeande bern. It meast foarkommende berop wie boer, oanfolle mei fiskerij. Ek waard hannele yn drûge seewier, dat ûnder oare as folling foar matrassen en as isolaasjemateriaal tsjinne. Of men wurke op it yn 1892 oprjochte suvelfabryk Frisia, dat opfallend genôch op dat stuit, krekt as de pleatslike herberch De Steenen Man, laat waard troch in frou. De útwikseling tusken Hepkema en Zwaal lit ferskate perspektiven sjen hoe't minsken it doarpslibben belibje kinne: de ien ûnderfynt it as beheind en stil, de oar sjocht de skjintme en de foardielen. Hoe dan ek, de mienskipssin yn Surch wie sterk. Al sûnt 1884 wie de Buurteplicht fêstlein yn in reglemint. Yn dy tiid wie de oprjochting fan in iis- en keatsferiening, folge troch in frouljusferiening, reisferiening, toanielklup, Pleatslik Belang en folle letter sels in doarpskrante. Fan begjin tweintichste iuw ôf kaam in bloeiende middenstân yn it doarp, mei in winkeltsje foar iten, twa bakkers, in grientesaak, in kapper en tal fan oare lytse winkeltsjes, faak yn hannen fan widdowen of oaren dy't yn har eigen libbensûnderhâld foarsjen moasten.

Troch de bou fan de Ofslútdyk krige Surch mear in plak yn de wrâld. Der kamen mear ynwenners troch al dy arbeiders dy't yn dizze krisisjierren út hiel Nederlân wei nei dit part fan Fryslân lutsen. Sadree't de Ofslútdyk yn 1932 iepengie, ried it measte autoferkear fan Noard-Hollân fia Surch nei it noardwesten fan Fryslân en oarsom. Ynearsten seach men dat as foarútgong, mar it hie ek syn kearside. Neigeraden dat it ferkear groeide, moasten de diken ferbrede wurde, en waarden ferskate histoaryske pleatsen en huzen yn en om it doarp en lâns de dyk nei Harns sloopt.

Wenning dy't sloopt wurde moat foar de oanlis fan de dyk fan Surch nei de Ofslútdyk.



"Wa't no troch Surch kuieret, sjocht in skansearre plak

Hegere seediken

In oare belangrike saak dy't it karakter fan it doarp oantaaste, wie de nei-oarlochske opheging fan de seediken. Wer moasten huzen fuort. Yn 1956 wie ek it suvelfabryk sletten, mei minder bewenners as gefolch. En troch de oanlis fan de N31 yn de santiger jierren waard in lyts part fan it doarp, de Ald Mar, ôfsnien fan de kearn. Surch bleau aktyf foar de leefberheid, mar yn 1995 folge de genedeklap: de basisskoalle koe net bestean bliuwe. 'Fries dorpje vreest voor sluiting basisschool. "Gezellig gat" Zurich heeft leerlingen nodig' skreau *de Volkskrant*, mar de publisiteit hie gjin effekt. De skoalle gie ticht en de fergrizing naam ta. It oait sa hechte Surch feroare stadichoan yn in forinzedoarp.

Wa't no troch Surch kuieret, sjocht in skansearre plak. Yn ferliking mei histoaryske foto's falt op hoefolle fan de oarspronklike sjarme ferlern gien is, benammen yn tsjinstelling ta ferlykbere doarpen as Koarnwert en Gaast dy't yn de buert lizze. Fan it yn 1892 oprjochte suvelfabryk is allinnich it ferfallen tsiispakhûs oerbleaun. It monumintale Hotel De Steenen Man is sletten en tsjinnet no as húsfêsting foar arbeidsmigranten. Opfallende brêgen en mûnen binne ferdwûn, en oeral yn it doarp binne 'gatten' fan eardere huzen yn it strjitpatroan sichtber. Dêrby komt dat der hieltyd minder oarspronklike bewenners binne, wylst der nije bewenners foar yn it plak komme dy't minder in bân mei de skiednis fan it doarp hawwe.

Dat lêste is ûnûntkomber en perfoarst net negatyf; it biedt krekt ek kânsen. It stelt it doarp yn steat om himsels op 'e nij út te finen. En it kin foar alle ynwenners fan wearde wêze om histoaryske kennis te garjen, en sa in rikere wenûnderfining te krijen. Dat is de ambysje fan de Stichting Samen Zurich en dêrom wurdt it argyf oerdroegen oan Tresoar. Ein 2024 is in part - 100 dia's fan histoaryske foto's fan it doarp - al oanbean. It oare materiaal folget meikoarten. Sa bliuwt de skiednis fan dit doarp mei in rûzich ferline soarchfâldich bewarre.



Argyfstikken út it rike ferienings-libben fan Surch.



In reportaazje út 1935 oer de postproblematyk tusken Zurich en Zürich.

De Nederlânske plaknamme Zurich is benammen bekend troch de gelikenis mei de Switserske stêd Zürich, dy't kwa toerisme foardielich útpakt, mar ek al desennialang foar problemen mei de post soarget. Yn 1935 ferskynde yn it sosjalistyske blêd *Wij, ons werk, ons leven* sels in reportaazje oer de kwestje, dêr't postkantoarhâldster Trijntje Hoekstra yn útlei dat it fersin faak foarkaam: 'Sels brieven út Ljouwert meitsje de omwei fia Switserlân.'

Silent Book Club

Elke eerste donderdag van de maand is de Silent Book Club: neem je boek mee naar Tresoar en zoek een plekje in ons knusse Kafee De Gouden Leeuw. Lekker een uurtje lezen! Inloop 19.45 uur, we lezen van 20.00-21.00 uur en daarna kun je met andere lezers in contact komen.

3 april, 1 mei en 5 juni
19.45 uur



Rondleiding

Ontdek de schatten van Tresoar en doe mee aan de rondleiding. Wat is het oudste boek dat bij Tresoar wordt bewaard? En hoe ordent Tresoar bijna 37 kilometer aan materiaal in het depot? Tijdens de gratis rondleiding krijg je een uniek kijkje achter de schermen.

24 april, 26 juni en 28 augustus
14.00 uur



Humor yn Fryske literatuer


Op twa literêre jûnen yn Kafee De Gouden Leeuw stiet humor yn de Fryske literatuer sintraal. Douwe Kootstra fertelt oer Hylkje Goïnga en Doeke Sijens oer Trinus Riemersma (24 april). Bouke Oldenhof fertelt oer Rink van der Velde en Babs Gezelle Meerburg oer Sipke de Schiffart (22 maaie).

24 april en 22 maaie
19.30 oere









11 april

KFG-Sieperda-symposium

13.30 uur, Tresoar

Het thema is 'behoefte aan verbinding: Friese contacten, 1925-2025'. Verschillende sprekers belichten de wereldwijde Friese contacten in de afgelopen eeuw en plaatsen die in Europees perspectief.

17 april

Filosofiecafé

19.30 uur, Tresoar

Lezing waarin Gaila Pander vertelt over Nietzsches opvattingen over de vrouw, die nu tot vrijwel unanieme veroordeling zouden leiden. Toch wordt hij tot de groten binnen de filosofie gerekend.

22 april

'Woke' in Fryslân

20.00 uur, De Beurs

Lezing in het kader van de Maand van de Filosofie. Indira van der Zande en Friso Timmenga duiken dieper in de filosofische ideeën achter 'woke'.

15 mei

Suzanna Jansen

12.30 uur, Tresoar

Lunchlezing waarin Suzanna Jansen de afgelopen eeuw vanuit een nieuw perspectief schetst: dat van de vrouw. Aanleiding is haar nieuwe boek *De omwenteling of de eeuw van de vrouw*.

12 juny

Skriuwerskafee

19.00 oere, Tresoar

Skriuwers en dichters moetsje elkoar, der is tiid om by te praten, wurk te dielen en literêre plannen te meitsjen.

26 juny

Fryske Poëzyslam

19.00 oere, Tresoar

Foar it tredde jier op rige is de Fryske Poëzyslam om út te meitsjen wa't de bêste Fryske foardrachtskeunstner is.

Dit is een selectie. Kijk voor meer informatie en aanmelden op: **tresoar.nl/agenda**



Tsjerk Bottema.



Eveline de Smalen.

Freonen fan Tresoar

Bestjoersnijs

Tsjerk Bottema is nij yn it bestjoer fan de Freonen fan Tresoar. Neist syn wurk as teamlieder kultuer en sport by de gemeente Súdwest-Fryslân is er einredakteur fan *de Moanne* en hat er in eigen bedriuw Tsjerk Bottema Tekst & Theater. Bestjoerslid Tsjalline Idsardi is foar de Freonen yn de redaksje fan *Letterhoeke* kaam.

Nije Fellow

Dr. Eveline de Smalen is de nije Fellow. Doel fan har ûndersyk is om in byld te sketsen fan de posysje fan Durk van der Ploeg syn literêre wurk yn it Nederlânske kulturele fjild en as ûnderdiel fan de ekology fan de Waadsee. Yn it wurk fan de Fryske skriuwer nimt de Waadsee in sintraal plak yn en wurdt dy beskreaun út it perspektyf fan ynwenners fan it Waadgebiet wei.

Maitiidslêzing op 23 april, 19.30 oere

Nei oanlieding fan it ûndersyk fan Fellow Nynke Bruinsma stiet dizze jûn yn it ramt fan de rike skiednis fan film yn Fryslân. De earste lanlike fertoaning mei bewegend byld wie yn 1896 yn Ljouwert troch Christiaan Slieker. Letter begûn de ûndernimmersfamylje Miedema mei in suksesfol bioskoopbedriuw. Snits wie dêrby in belangryk plak. Seis jier lyn waarden yn in klûs yn Amsterdam fjirtjin spuollen fûn mei hûndert jier âlde, goed bewarre films oer Snits. Sokke âlde films binne in unikum, meastal is it materiaal al fergien.

Nynke Bruinsma ûndersocht hoe't it kin dat yn Snits in bioskoopbedriuw ûntstie. Se fertelt oer de rol fan de Miedema's, beljochtet de kontekst en har ynfloed op de bioskoopkultuer yn Fryslân. Fansels binne der ek fragminten út de films te sjen. Syds Wiersma fan it Frysk Film & Audio Argyf fertelt koart wat oer de wurkwize fan it argyf, hoe't se it materiaal krije en wat se dermei dogge. Ta beslút fertelt filmmakker Froukje van Wengerden oer har wurk as filmmakker yn Fryslân. De lêzing is yn Slieker Film (Wilhelminaplein 92, Ljouwert).

Kolofon

Letterhoeke is in útjefte fan Tresoar en de Freonen fan Tresoar

Bist de Fryske taal, kultuer en skiednis tagedien? Stypje Tresoar en wurd Freon. As Freon fan Tresoar helpst de groei en bloei fan Tresoar mei te fersterkjen. Foar € 25,- yn it jier wurdst Freon fan Tresoar - museum, argyf en biblioteek foar de Fryske taal, kultuer en skiednis. As tank krijst trije kear jiers fergees *Letterhoeke* tastjoerd en wurdst útnûge foar spesjale Freone-aktiviteiten.

Freon wurde?

Belje 058-7890789,
stjoer in mail nei
info@tresoar.nl
of scan de QR-koade

Redaksje

Marijke de Boer (einredaksje), Wieke de Haan, Linda Hoekstra, Riemer Janssen, Ids de Jong, Janna Kootstra en Tsjalline Idsardi (Freonen)

Foarmjouwing

Meenes, Makkum

Printwurk

Dekker Creatieve Media & Druk, Ljouwert

TRÊSOAR

Boterhoek 1
Postbus 2637
8901 AC Ljouwert

058-7890789
info@tresoar.nl
tresoar.nl

2025 Tresoar en de auteurs

TRESOAR

Museum, argyf en
biblioteek Fryslân

tresoar.nl

